

# Nijsbrief Gemeente Westerwert en Mantgum novimber-desimber 2017

## **Bêste minsken ferbûn mei de gemeenten fan Westerwert en Mantgum,**

Yn dizze nijsbrief fine jim ynformaasje oer it tsjerklik libben yn de doarpen Jellum-Bears, Jorwert, Mantgum en Weidum.

Dit kear binne dit de ûnderdielen:

1. Tsjerke-tsjinsten
2. Kleaster-moarn by Nijkleaster yn Jorwert
3. St. Maarten (12 nov.)
4. Gemeentejûn op moandei 20 novimber (sjoch bylage)
5. Betinksnein op 26 novimber (10.00 oere)
6. Ontwikkelingen Nijkleaster

**Mei in hertlike groetnis fan de tsjerkeried fan**

**Westerwert - Mantgum.**



## 1. TSJINSTEN WESTERWERT-MANTGUM

- 12 nov. Tsjinst yn Mantgum (09.30/ ds. Willemien Keuning)  
19 nov. Kleaster-tsjinst yn Jorwert (09.30/ ds. Hinne Wagenaar)  
26 nov. Betinksnein yn Jorwert (10.00/ ds. Hinne Wagenaar)  
3 des. Gjin tsjinst  
4 des. Tsjinst yn Nij Dekema (10.45/Coby de Boer)  
10 des. Tsjinst yn Mantgum (09.30/ ds. Willemien Keuning)  
17 des. Kleaster-tsjinst yn **Weidum** (09.30/ ds. Hinne Wagenaar)  
18 des. Tsjinst yn Nij Dekema (10.45/ds. Hinne Wagenaar)  
24 des. Krystjûn foar jong en âld (20.00/ ds. Hinne Wagenaar + krystkommisje)  
25 des. Kryst yn Mantgum (10.00/ ds. Willemien Keuning)  
31 des. Fryske tsjinst yn Itens (10.00)  
31 des. Aldjiersjûn, regio-tsjinst yn Hilaard (19.30/ ds. Bakker)  
7 jan. Trije Keningen yn Weidum. (09.30/ ds. Hinne Wagenaar)  
Nei de tsjinst (mei kofje en oranjekoeke) kinne wy elkoar in goed nij jier tawinskje.

## 2. NIJKLEASTER Kleaster-moarn

(09.30 – 12.30 oere. Moarnsgebed om 09.30)

- 15 nov. ds. Willemien Keuning  
22 nov. ds. Hinne Wagenaar  
29 nov. ds. Hinne Wagenaar  
6 des. ds. Tjitske Hiemstra (Ljouwert)  
13 des. ds. Tytsje Hibma (Kimswert)  
20 des. ds. Saskia Leene (Snits)  
27 des. ds. Willemien Keuning

## 3. St. Maarten op 12 november!

12 november 09.30 uur, kerkdienst in de Maria kerk in Mantgum met Sint Maarten voor groot en klein. De kinderen mogen hun lampions mee nemen. Die worden opgehangen in de kerk. Mogelijk willen ze ook wat van de buit van de dag daarvoor showen? Deze dienst werd voorbereid door en met de jeugdkerk Westerwert-Mantgum. Voorganger: ds. Willemien Keuning

#### **4. Gemeentejûn op 20 novimber**

Op moandei 20 novimber is de gemeentejûn fan Westerwert en Mantgum om 20.00 oere yn de konsistoarje te Weidum (Lytse buorren 2, tsjinoer de tsjerke). Yn de bylagen steane de fierdere gegevens. De jûn stiet yn it teken fan de gearwurking en takomst fan de gemeente Westerwert en Mantgum.

#### **5. Betinksnein**

Oan de ein fan it tsjerklike jier wurde de minsken betocht dy't ferstoarn binne yn ús gemeente en yn ús doarpen. Dit jier is dat snein 26 nov. yn Jorwert. De tsjinst begjint om 10.00 oere

#### **6. Ontwikkelingen Nijkleaster!!**



Op de jierdei fan Nijkleaster binne de plannen presintearre foar it Projectplan Klooster Complex Westerhûs. Jo kinne it saneamde BID-boek fine op de webside fan Nijkleaster: <https://nijkleaster.frl/bidboek/>. Ek is der in film makke oer it projekt. Dy kinne jo ek op de webside fine: <https://nijkleaster.frl/film-actie-westerhus/>

Op de gemeentejûn binne de BID-boeken beskikber.